

Kolleezje fan Deputearre Steaten
o.f. Mr. S. Poepjes
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 3.01
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.nl
www.dingtiid.nl
@dingtiid

Ljouwert, 27 febrewaris 2020

Achte deputearre Poepjes,

Hjirby biedt DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal, jo de casestudy 'It brûken fan it Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes' oan. DINGtiid hat dizze casestudy op fersyk fan minister K.H. Ollongren útfierd by Ryksútfieringsorganisaasjes. We ha sprutsen mei meiwurkers fan de Belestingsjinst, de Rykstsjinst foar Undernimmend Nederlân (RVO), it Utfieringsynstitút Wurknimmersfersekerings (UWV), de Tsjinst Utfiering Underwijs (DUO) en de Meldkeamer Noard-Nederlân (MkNN). We ha ûndersocht oft de organisaasjes taalbelied opsteld hawwe, hoe't harren taalhâlding is en hoe't sy yn de praktyk omgean mei mûnling en skriftlik brûken fan de Fryske taal yn harren kontakt mei boargers.

Op 7 novimber 2019 hat DINGtiid by it Streektalensymposium yn Venlo al guon foarriedige befinings en oanbefellings presintearre oan minister R. Knops fan Ynlânske Saken en Keninkrykrelaasjes.

Befinings

Guon wichtige befinings yn fûgelflecht:

Taalbelied

Ut de petearen blykt dat de meiwurkers fan dizze fiif Ryksútfieringsorganisaasjes bekend binne mei de Wet gebrûk Fryske taal (WGFT, 2014) en dêrmei mei de wetlike posysje fan de Fryske taal. Mar gjin fan de Ryksútfieringsorganisaasjes hat oangeande it Frysk spesifyk taalbelied opsteld. It brûken fan de Fryske taal yn de deistige praktyk by de Ryksútfieringsorganisaasjes komt fuort út de wisk om de klant sa goed mooglik fan tsjinst te wêzen – dus net sasear út in wetlike bepaling oangeande de Fryske taal.

Taalhâlding

De meiwurkers fan de Ryksútfieringsorganisaasjes stean yn harren klantkontakt posityf foar sprutsen Frysk oer. It management fan de Meldkeamer Noard-Nederlân fernimt by in part fan de sintralisten dat de Fryske taal in negatyf sentiment opropt; dat negative sentiment is der net as it om de Ingelske taal giet. In negative taalhâlding foaroer it Frysk soe neffens it management fan de Meldkeamer Noard-Nederlân gjin rol spylje meie yn de helpferliening. De Meldkeamer Noard-Nederlân wol dêrom graach profesjonele stipe fan eksterne Fryske taalsaakkundigen om dizze ynterne diskusje te fieren. De Meldkeamer Noard-Nederlân wol in positive taalhâlding ûntwikkelje en it brûken fan it Frysk by klantkontakten ferbetterje.

Taalpraktyk

It brûken fan de Fryske taal yn de deistige praktyk by de Ryksútfieringsorganisaasjes komt fuort út de winsk om de klant sa goed mooglik fan tsjinst te wêzen, en net sasear út in wetlike bepaling oangeande de Fryske taal. Alle Ryksútfieringsorganisaasjes rapportearje dat se gjin ûnderfining hawwe mei gefallen dêr't it boargers en/of meiwurkers ôfret of sels ûnmooglik makke wurdt om harsels yn it Frysk te uterjen.

Frysk wurket drompelferleegjend

UWV en Belestingsjinst, en foar in part ek DUO en de Meldkeamer Noard-Nederlân, hawwe yn ferhâlding faker te krijen mei sosjaalekonomysk swakkere boargers. Sokke boargers hawwe boppegemiddeld folle problematyk mei skulden, wurkleazens, betellingsefterstannen, analfabetisme en psychyske problemen. Foar harren is it bytiden al lestich om überhaupt yn kontakt te kommen mei oerheidsynstânsjes. Sawol it UWV as de Belestingsjinst jouwe oan dat it klanten dúdlik helpt as der Frysk mei harren praat wurdt: dat wurket drompelferleegjend. As minsken yn harren memmetaal prate kinne oer saaklike, emosjonele of ynhâldlik lestige ûnderwerpen, ferrint it kontakt mei de Ryksútfieringsorganisaasje gefoelsmjittich makliker.

Frysk ûnder druk troch Wizigingswet Meldkeamers

By guon Ryksútfieringsorganisaasjes leit de fokus op mear lokaal operearjen (middels it Ynformaasjepunt Digitale Oerheid). By de Meldkeamer Noard-Nederlân is lykwols krekt in tsjinoerstelde ûntwikkeling oan de oarder. Dat hinget gear mei de oankundige Wizigingswet Meldkeamers en de dêrút fuortkommende foarming fan in Lanlike Meldkeamer Gearwurking. De ferwachting is dat de Wizigingswet Meldkeamers op syn betiidst op 1 july 2020 yn wurking giet. It doel is dat der op termyn lanlik 10 meldkeamers oerbliuwe (fan de notiidske 24), dy't elkoars wurk oernimme kinne as it nedich is. Alle meldkeamers hawwe in eigen primêr fersoargingsgebiet. Yn de Wizigingswet Meldkeamers stiet neat oer it brûken fan it Frysk of de streektalen. Yn it Oerdrachtdokumint dat de Meldkeamer Noard-Nederlân skreaun hat, is lykwols wol opnommen dat de posysje fan it Frysk foar dizze meldkeamer in eigenheid is dêr't rekken mei hâlden wurde moat. As yn de takomst in oare meldkeamer, bygelyks dy fan Limburch, de tsjinstferliening tydlik oernimme moat troch útfal of in needsituaasje, dan kin in boarger yn Noard-Nederlân syn melding lykwols mooglik net goed yn de eigen taal dwaan.

Oanbefellings


Op basis fan de befinings docht DINGtiid yn de casestudy in sântal oanbefellings. Gearfette binne dat de folgjende:

1. Stimulearje alle Ryksútfieringsorganisaasjes dy't aktyf binne yn Fryslân of kontakt hawwe mei Fryske boargers om eksplisyt taalbelied foar it Frysk op te stellen. Belûk dêryn ek Fryske taalstipe-organisaasjes, lykas de Afûk, dy't helpe kinne mei it opstellen fan rjochtlinen.
2. Help Ryksútfieringsorganisaasjes om yntinsiver yn te setten op Fryske taalbehearsking ûnder meiwurkers mei klantkontakt, en moedigje de organisaasjes oan om harren meiwurkers in taalkursus Frysk folgje te litten.
3. Meitsje ynsichtlik hokker meiwurkers oft it Frysk aktyf en/of passyf behearskje én ynformearje boargers dat se Frysk prate kinne.

4. Stypje de Meldkeamer Noard-Nederlân yn syn winsk om in positive taalhâlding foarwer it Frysk by sintralisten te ûntwikkeljen.
5. Soargje dat it brûken fan it Frysk by de Lanlike Meldkeamer Gearwurking yn de praktyk mooglik is en bliuwt.
6. Daagje Ryksútfieringsorganisaasjes út om mei ideeën te kommen hoe't sy it Frysk binnen harren organisaasje ynsette kinne en in positive taalhâlding stimulearje kinne.
7. Nim by in ferfolch fan it pilotprojekt Ynformaasjepunt Digitale Oerheid fan de Manifestgroep, it Frysk en Nederlânske streektalen eksplisyt mei yn de opset fan de regionale stipepunten.

Wy hoopje dat de casestudy en de oanbefellings mear ynsjoch jouwe yn de posysje fan it Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes en helpe sille om it gebrûk fan it Frysk te befoarderjen. Fansels binne wy altyd ree om eventuele fragen te beäntwurdzjen.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

Dizze brief wurdt ek stjoerd oan:

- Minister Raymond Knops fan Ynlânske Saken en Keninkryskrelaasjes
- Belastingdienst, UWV, DUO, RVO en Meldkamer Noord-Nederland

Taheakke: Casestudy 'Het gebruik van Fries bij Rijksuitvoeringsorganisaties'